Liturgy foar de ôfskiedtsjinst fan



Elisabeth Schaap – Frankena

- Beth -

☆ Winsum, 16 maaie 1935 † Turns, 22 oktober 2026

op woansdei 28 oktober 2026
om 13.30 oere
yn de tsjerke fan Turns



makke troch mem, fan heit syn strikken

Foargonger: Vijko Top
Oargalist: Dhr. Buma

Condoleren. Orgelspel, waaronder de liederen

'De God fan leafde',
'Op bergen en in dalen'

Welkom en een gedachteniskaars wordt aangestoken
door Gerrie en Elisabeth

Lied *'Kinderen van één Vader'*
Edse verzorgt het intro op trompet, daarna neemt Auke het over
en wordt het gezongen door de (oer)beppesizzers, daarna zingen we het allen



Gebed

Over de gesprekken met Beth

Bijbellezing *Prediker 3: 1 – 8* door Geiske

Oeral is in tiid foar
Foar elk ding is in oere
en foar alles ûnder de himel in tiid.
Der is in tiid om berne te wurden
en in tiid om te stjerren,
in tiid om te plantsjen
en in tiid om de planten út te roegjen,
in tiid om te deadzjen
en in tiid om te hieljen,
in tiid om te brekken
en in tiid om te bouwen,
in tiid om te skriemen
en in tiid om te laitsjen,
in tiid om te gûlen
en in tiid om te dûnsjen,
in tiid om stiennen te smiten
en in tiid om stiennen op te sykjen,
in tiid om te frijen
en in tiid om inoar te mijen,
in tiid om te sykjen
en in tiid om wei te bringen,
in tiid om te bewarjen
en in tiid om fuort te smiten,
in tiid om stikken te skuorren
en in tiid om ticht te naaien,
in tiid om te swijen
en in tiid om te praten,
in tiid om leaf te hawwen
en in tiid om te haatsjen,
in tiid fan oarloch
en in tiid fan frede.

Zingen *'Foar elk ding is in oere'*



Refrein...

In tiid om te praten, in tiid om te swijen
In tiid om te moetsjen, in tiid om te mijeen.
in tiid om te lizzen, in tiid om te stean.
in tiid om te kommen, in tiid om te gean.
Refrein...

In tiid om te sjongen, in tiid om te treurjen.
In tiid om te lijen, in tiid om te fleurjen.
De tiid om te libjen, no drôvich, dan bliid.
De tiid om te bliuwen in mins by de tiid.

Het levensverhaal van Mem door Sjoerd

Muziek *'Ballade pour Adeline'* uitgevoerd door André Rieu

Herinneringen door Lysbeth namens de beppesizzers

Gedicht door Geartsje

'Eintsje libben' (Klas Krol-van der Weg)
Deun om my hinne
Libje de minsken
Dy't der net mear binne
Deun om my hinne
Wenje dyjingen
Dy't harren sels net mear kenne
Deun om my hinne
Leit lok en fertriet
Ivich bewarre yn 'e tiid
Deun om my hinne
Hat elts it drok
Jachtsjend op wei nei 't ierdske lok
Deun om my hinne
Wol ik sels
Myn eintsje libben oerwinne
Mei wat rêst en frede
Deun om my hinne

Muziek *'Elizabethan Serenade'* uitgevoerd door André Rieu

Gedicht door Nynke en Welmoed

It Marke (Eeltsje Hiddes Halbertsma)
It wie op in simmerjûn;
It sintsje stoe op 'e grûn
Wol heal yn 'e dauwe wei,
Krekt as er yn 't wetter lei
Sêftkes en stil wie de wrâld
It wetter lei sonder fâld
En 't goud'ne sinnefjoer
Sprate syn gleonens 'eroer

Me' hearde nin flinter of mich
Sa flodderjen oan 'e ich,
Of gonzeljen oer 'e poel
En ek nin bernegejoel.
Smûk mei de kop yn 'e plom
Driuwkelen de eintsjes rûnom
Yn 't lizich-blêdige gnod
Jit syljende yn 'e dod.

En ik mei in wiffe sin
Roeike myn swiet ingelin
Flink oan 'e oare marswâl.
En wie mei it fanke sa mâl.
Wat songen, wat boarten wy!
Wat wie it ús rom en frij!
O, wille! O, noflike tiid!
Wat tins ik oan dy wer bliid.

Muziek *'Time to say goodbye'* door Andrea Bocelli

Afsluiting

Dankwoord

Bij het uitdragen orgelspel, waaronder het lied *'It Heitelân'*

